



DRIUWSÂN

(A Fly In The Ointment)

Klucht yn twa bedriuwen

troch

DEREK BENFIELD

Yn it Frysk oersetten

troch

Alle Geart Hof

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DRIUWSÂN - A FLY IN THE OINTMENT** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **DEREK BENFIELD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij VINK bv
Copyright: © 1996 by Derek Belfield

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363
1800 AJ Alkmaar
Telefoon 072 - 5112135
Website: www.ibva.nl
Email: info@ibva.nl
ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Steatssekretaris Radmer Taekema - Steatssekretaris fan miljeu

Dora - in dryste maitresse

Brecht Raukema - in frustrearre polysjefrou

Albert - in trochtrapende pizzabesoarger

Lokke Taekema - in tawijde frou

Jesse Meyer - in romantyske dokter

3 mânlju en 3 froulju.

DECOR:

It stik spilet yn it simmerhûs fan Dora oan de kust fan de Iselmar te Makkum.

Earste bedriuw- in freedtemiddei.

Twadde bedriuw- in pear minúten letter.

Tiid- Eartiids..., op dit stuit...mar wierskynlik yn de takomst!

EARSTE BEDRIUW

(de wenkeamer fan it simmerhûs fan Dora oan de kust fan de Iselmar te Makkum. It is in waarme middei yn de simmer. De wenkeamer hat trije doarren; ien lofts efter nei de gong en de foardoar ta; ien loftsfoar nei de keuken ta; en in tredde rjochtsfoar nei de sliepkeamer ta. Ien grut skorút rjochtsefter sjocht út op 'e stjitte. Tsjin it rjochterlewant stiet in grutte kast mei in buro dêr nêst. Lofts fan it finster stiet in healrûne tafel. Lofts fan de midden stiet in loaie bank mei in tafel der efter en lofts dêrfan stiet in stoel. De keamer docht plattelânseftich oan, gesellichlike bakken, keamerplanten ensafuorthinne)

(as it ljocht oan giet, is der nimmen op it toaniel. Trocht it finster plasket de sinne de keamer ynder stiet in doar iepen. Hiel hoeden stekt ien syn holle om 'e doar en sjocht mei de eagen op 'e stâltsjes de keamer yn. It is Radmer Taekema, in man mei in wat kealjende plasse. As er sjocht dat der nimmen oanwêzich is, komt Radmer de keamer yn. en begjint gysten alderhanne laadsjes en kasten troch te sneupen, alles mei in soad leven en mei grutte wanhoop. De foardoar slacht ticht. Radmer stiet stiif en wit net wat er dwaan moat. Hy sjocht om him hinne, in man yn 'e falle. Hy sil út it finster flechtsje, mar hy kriget it finster net iepen, it sit fêst. Yn panyk triuwt hy der tsjin oan. Dora komt der yn mei har hannen fol mei winkelguod, se hat boadskippe. Dora hat swart hier. It is in kreaze seksy frou fan sa'n tritich jier. Radmer ferstivet mei syn gesicht tsjin it rût. Hy stoarret troch it rût en stiet mei de rêch nei har ta. Dora leit de boadskippen del, draait har om en sjocht de man op 'e rêch. Se tinkt dat it in ynbrekker is en jout in gjalp)

Dora: Aaaahh! *(Radmer draait him om. Dora kin him dalik teplak bringe en glimket optein)* Radmer..., mantsje fan my! Bist werom kaam? *(stoot op him ta)*

Radmer: Uh- nee.

Dora: *(leaut it net)* Nee?

Radmer: Net alhiel..

Dora: Mar do bist hjir ommers al?

Radmer: Ja...

Dora: Yn myn hûs..

Radmer: Ja..

Dora: Dan bist dochs by my weromkaam.

Radmer: Nee.

Dora: Do bist der al en do bist der net?

Radmer: Ik bin der al, mar ik hie net tocht datsto der ek wêze soest.

Dora: Ikke..?

Radmer: Freedtemiddeis bist fakentiden fuort.

Dora: Gesellich, hear..., op besite komme wylst ik der net bin.

Radmer: Sa is't mar krekt.

Dora: Pardon?

Radmer: Ik kaam net by dy op besite.. *(Dora wit hast wol wêrom hy der is en glimket loksillich)*

Dora: Oh..., do hast in presintsje foar my kocht en do woest net ha dat ik it wist.! Dêrom hast in dei útsocht dat ik net thús wie, dan koest der ynslûpe en it as ferrassing efterlitte. In presintsje om it goed te meitsjen..., och wat leaf ..! *(se sjocht om har hinne)* Wêr is it? Wêr hast it ferside brocht? *(se floddert troch de keamer en sjocht yn alle hoekjes en hentsjes, dan bliuwt se stean en sjocht him oan)* Jou ris in oanwizing..., bin ik waarm?

Radmer: Nee..., mar ik krij it al waarm..!

Dora: Is it in grut as in lyts presintsje..? Ik sjoch nearne in grut presintsje... *(dan ynienen)* It is in auto..! In nije B.M.W.! Hy stiet bûten fansels! *(se sjocht út it finster, mar sjocht neat)* Nee..! Dêr stiet ek neat! Net iens in fyts! In diamant..? In lytse prachtige diamant?

Radmer: *(mei ôfgriis)* Nee..! *(hy flechtet nei de bank)*

Dora: Gjinn diamant?

Radmer: Hielendal neat!

Dora: Hielendal neat?

Radmer: Sa is't mar krekt.

Dora: Ek gjinn blommen? Net iens ien roas..?

Radmer: Nee... *(Dora kriget troch dat har hâlden en dragen ûnbehouwen is. Se slacht har hannen foar har gesicht en stoot mei in reade holle op him ta)*

Dora: Och tûtelmantsje fan my..., wat bin ik in eigenikkich mins..! Ik hoech hielendal gjinn presintsje, hear! Do bist werom en dat is foar my it alderbelangrykste...Stiet dyn tas noch yn de gong? Ik help dy by it útpakken..., ôfpraat? *(se besiket him mei te nimmen)*

Radmer: Der falt neat út te pakken...!

Dora: Doch net sa nuver! Doest ôfreizge bist, hast alle klean meinommen. Hjir leit neat mear fan dy, noch net iens in toskeboarstel.

Radmer: Ik haw gjinn toskeboarstel nedich. Ik bliuw hjir net. *(Dora sjocht him eefkes fernuvere oan)*

Dora: Do hast sein datst werom komme soest...

Radmer: Nee..., dat hasto sein.

Dora: Soa..., dus, do komst net by my werom?

Radmer: Nee!

Dora: Do bist net weromkaam om it goed te meitsjen?

Radmer: Nee... *(it duorrete noch in pear tellen foar't se ûntploft)*

Dora: Do smoarge baarch..!! *(se fjochtet mei him)*

Radmer: *(yn de ferdigening)* Ho.., ho.., ho.., Net dwaan!! Kalmoan asjebleaft...

Dora: Do hast ynbrutsen yn myn simmerhúske!! Ik helje de polysje der by!

Radmer: Ik haw net ynbrutsen!

Dora: Dit is privee terrein- myn privee terrein! Do bist myn hûs ynkrongen en dat is in misdied! Sels hjir yn Makkum! Dêr moat in polysje by komme! *(se stoot nei it finster ta, skoot it iepen, linet nei bûten en begjint lûd om de polysje te roppen. Radmer stoot op har ta, krijt har by de mul en besiket har der wer yn te lûken. It is in hiele wrakseling. Lang om let slagget it him, as in koark út in flesse falle se beide op'e flier, se sjogge elkoar oan en happe nei de siken)*

Radmer: Hoe krigest dat foerelkoar?

Dora: Gewoan, skreauwe!

Radmer: Dat finster! Do diest it finster iepen!

Dora: Dêr is sa'n ding dochs foar?

Radmer: My slagge it net .

Dora: Wat?

Radmer: Dat rût iepen te krijen..!

Dora: Hast dan ynbrutsen? *(se komt oerein en bringt har klean wer op oarder)*

Radmer: Ik haw net ynbrutsen, ik bin troch de foardoar der ynkaam.

Dora: Dy foardoar wie op slot!

Radmer: Ik haw myn kaai noch. *(lit de kaai sjen)*

Dora: *(ûntkrijt him de kaai)* Begryp ik it goed-, is dat de reden datst weromkaamst? De kaai werombringe? *(Radmet komt oerein, tankber foar de suggestje)*

Radmer: Uh..ja.., ja! Sa is't.

Dora: Wêrom hast him net gewoan opstjoerd

Radmer: *(besiket yn in goed boekje te kommen)* Ik..ik woe der wis fan wêze datst him ek krije soest, pop. Do witst hoe't it faaks giet by de post yn de fakânsje perioade..Ik woe him dy persoanlik oerrikke.

Dora: Wêrom skarrelst hjir om? Do hiest him ek wol yn de brievebus smite kind...en dan ek noch it finster iepen te meitsjen...?

Radmer: Wie de tillefoan net noflikker west?

Dora: *(sjocht him fernuvere oan)* ...Uh...? Hoesa...?

Radmer: Om de polysje te warskôgjen..It oer de strjitte skreauwe is wat âlderwetsk, netwier?

Dora: Wat kin't skele.. *(erchtinkend)* Wêr wieststo om oant sneupen, hen?

Radmer: Wat?

Dora: Do wiest hjir oant sykjen.

Radmer: Nee! Nee! (*flechtet by har wei, se rint efter him oan*)

Dora: Eat fan my? Datsto ha wolst?

Radmer: Och..., it soe bêst kinne..., it soene myn sokken wêze kinne of sokssawat.

Dora: As it is wat ik tink, dan is it foar neat west.

Radmer: Oh, ja?

Dora: Ik haw se ferside brocht, op in feilich plakje dêr't in ynslûper as do se net fine kin.

Radmer: (*ûnskuldich*) W-wat!?

Dora: De kykjes, tûtel fan my, de kykjes!

Radmer: Hokker kykjes?

Dora: Dêr't ik dy oer ferteld ha., dy fan dy en fan my...-tegearre.

Radmer: (*hoopfol*) Oh dy..., tegearre oan see..

Dora: Nee, tegearre op bêd. Do moatst net miene dat ik dy samar omslingerje lit. Somlike tiidskriften betelje in protte jild foar kykjes fan steatssekretarissen fan miljeu yn de sliepkeamer mei ien dy't net syn frou is.

Radmer: Dat..., dat silst wol litte, tink?

Dora: Ik haw dy doe sein dat ik it al dwaan soe.

Radmer: Ik leau der neat fan.

Dora: Wiswol...! Dêrom kaamst werom...Do mar tinke dat ik net thús wie, koest moai dyn slach slaan, hen? (*se hat geniet fan de benearre sitewaasje dêr't Radmer yn sit*)

Radmer: Do bist in sjanteur!

Dora: En do bist in ynbrekker!

Radmer: Ik..., ik woe allinne mar in ûnnoflike sitewaasje tefoaren komme, skattebek.!

Dora: Dêr hiest earder oan tinke moatten..., doest my sitte liest. (*glimket skattich*)

Radmer: Wa hat dy foto's nommen?

Dora: Dat kin ik dy net fertelle. Ik haw him tasein dat hy der bûten bliuwe soe. Hy is in fantastyske samler fan ynformele minsken út hegere fermiddens..

Radmer: Mar hoe soe sa'n man no foto's nimme kinne yn dy sliepkeamer?

Dora: Hy hat in hiel grutte telelins. (*Radmer hat ynienen ûngerêste prakkesaasjes*)

Radmer: Mar wachtris...! Doe't hy dy foto's naam wiesto noch net op'e hichte mei it feit dat ik by dy wei gean soe.

Dora: Nee, hè, hè, fansels net.

Radmer: (*djip rekke*) En neamsto dat romantyk?

Dora: Nee, skattebout, wissichheid. (*de doarskille giet*)

Radmer: Jezus.! Ien by de doar!

Dora: Ik haw ek freonen, hear!

Radmer: Dy moastst fuortstjoere .

Dora: Dat is net slim gastfrij, wol?

Radmer: (*wanhopich*) Se meie my hjir net sjen! It is freedtemiddei en ik bin steatssekretaris fan miljeu! Fuortstjoere! (*Radmer triuwt har de gong op en docht de doar ticht. Dora sil de bûtedoar iepen dwaan, op dat stuit komt der in lytse wat dikke polysjefrou troch it iepene finster de húskeamer yn klatterjen. Se hjit Brecht Raukema. Radmer draait him om en sjocht har en skrillet tebek*) Aaaaahhh!!

Brecht: Ik nim oan dat ik noch op tiid bin?

Radmer: Wat moatte jo hjir?

Brecht: Ik bin fan de polysje.

Radmer: Dat sjoch ik ek wol! Wêrom klatterje jo samar troch it finster?

Brecht: Ik reägearre op in needgefal.

Radmer: Hokfoar needgefal?

Brecht: In attinte buorfrou sei dat se hjir fandinne in skreau heard hie.

Radmer: No, hjir is neat te rêden, hear! (*rint op distânsje*)

Brecht: (*erchtinkend*) Hawwe jo dan om'e nocht de polysje warskôge?

Radmer: Ik haw hielendal net warskôge..

Brecht: Wêrom hat dan in attinte buorfrou trochjûn dat hjirfandinne om'e polysje roppen is?

Radmer: Wat..? Oh., datte. Dat wie ik net.., dat die sy.

Brecht: (*trionfantlik*) Ahaa! In frou! Soa, dus sy hat om'e polysje roppen!

Radmer: Soene jo je mei jo eigen saken bemuoie wolle?

Brecht: Hat se roppen as net?

Radmer: Mooglik.., mooglik hat se ien as twa kear roppen.

Brecht: Trije as fjouwer kear is my ferteld.

Radmer: It wie in fersin.

Brecht: Dat sizze se allegear..Yn myn wurk witte je lang om let wol wêr't in fersin ta liede kin. Ik ken aardich wat minsken....

Radmer: (*súntsjes*) Dat soene je sa net sizze.

Brecht: Likegoed mânlju as froulju, se moatte allegear mei de biljes bleat!

Radmer: Soa al, hen?

Brecht: Oant oan harren earen!

Radmer: Oant oer harren earen mei de biljes bleat?

Brecht: As minsken om help roppe omdat se yn need sitte.., ja dan rint it sa mei harren ôf. Ien nuvere bûtesprong is genôch.

Radmer: Ien nuvere bûtesprong oant oer de earen mei de biljes bleat?

Brecht: Swier yn de swierrichheden!

Radmer: Dat liket der mear op.

Brecht: Wêr is se?

Radmer: Wa?

Brecht: Dyjinge dy't om de polysje skreaude. Is ferside gien fansels. *(se sjocht om har hinne)*

Radmer: Ik soe't net witte..Ik haw der neat mei te krijen. *(ynienen rint Brecht op Radmer ta en besjocht syn gesicht)*

Brecht: Ken ik jo earne fan?

Radmer: Ik hoopje it net.

Brecht: It is myn wurk om gesichten te ûnthâlden en dit gesicht haw ik wis wolris sjoen.

Radmer: No, dit gesicht hat jo noch nooit oansjoen.

Brecht: Komme jo wolris op it kastje? Jo gesicht is hiel bekend.

Radmer: Dat fan jo perfoarst net.

Brecht: Lêze jo it nijs?

Radmer: Nee, hoesa?

Brecht: Ik haw jo eat wat dwaan sjoen.

Radmer: Dat soe men dochs net hoopje.

Brecht: Wenje jo hjir?

Radmer: Nee.

Brecht: Ahaa.., allinne op besite...

Radmer: Sa soene jo it sizze kinne.

Brecht: *(hiel erchtinkend)* Ik begryp it.

Radmer: It is net wat jo tinke dat it is.

Brecht: Hoe witte jo wat ik tink?

Radmer: Ik haw sa myn fermoedens.

Brecht: *(grammitich)* Ik kom it oeral tsjin..

Radmer: Wat..?

Brecht: Fleislike gleonens.., it is oeral!

Radmer: Oeral fleislike gleonens?

Brecht: Wêr't jo ek mar sjogge.

Radmer: No, hjir is it net te finen

Brecht: En jo tinke dat ik dat samar leauwe sil? Ik werken de tekens fan gleonens en langstmes fuortendaliks. Yn myn wurk kom je dat oeral tsjin. Ik haw der sa'n hekel oan, hen...

Radmer: Jo binne der net sa'n leafhawster fan begryp ik.

Brecht: Dat wol fansels., mar ik woe ek wolris...eh... *(Dora komt hastich werom. Ferbjustere bliuwt se stean at se de polysjefrou sjocht. Har hân sjit nei foaren en wiist nei de polysjefrou)*

Dora: Aaaahh...

Radmer: It is de polysje mar...!

Dora: En dat waard tiid ek!

Radmer: Se is troch it finster der ynkaam.

Dora: (*sjocht iulk nei Radmer*) Do hast wol lef moat ik sizze. Do komst der samar stikum en do bestelst ek noch in pizza.

Radmer: Pardon?

Dora: Der stiet in pizzabesoarger foar de doar.

Radmer: Op freedtemiddei?

Dora: It is sa'n fjouwerentweintich oeren tsjinstman..

Radmer: Ik haw nimmen skille. (*Dora rint op Brecht ta*)

Dora: En jo..., hawwe jo in pizza besteld?

Brecht: Nee, mar as der ien oer is, haw ik der wol sin oan.

Dora: It hat wol lang duorre foar't jo der wiene..., ik haw my de longen út it liif raasd. Hiene jo net troch dat it hjir om in needgefal gie?

Brecht: Ahaa! Dus jo wiene it dy't skreaude!

Dora: Sa is't mar krekt!

Brecht: Jo hiene ek skilje kind.

Dora: Ja..., ja..., hoe dan ek..., jo binne der. Soene jo netris ien arrestearje?

Brecht: (*sjocht om har hinne*) Is der in ynbrekker?

Radmer en Dora: (*tagelyk*) Nee... ja!

Brecht: Ik priuw in ferskil fan miening.

Dora: Yndied..Immen hat in pizza besteld..Dy earne jonge dy't foar de doar stiet mei syn kartonnen doaske dampjend yn de sinne..

Brecht: Dy jonge?

Dora: Dy doaze!

Brecht: Stiet hy der noch?

Dora: Nee, ik haw sein dat er der mei nei de buorlju gean moat.

Brecht: Dêr moat ik dalik efteroan!

Dora: Hoesa?

Brecht: Omdat ik honger ha!

Dora: Jo kinne net samar ite wylst der hjir in needgefal is ...Jo hawwe tsjinst hear! Fan jo wurdt ferwachte dat jo minsken arrestearje, en net dat jo pizza's ite.

Brecht: Mar der is hielendal gjin needgefal.

Dora: Hoe witte jo dat sa sekuer?

Brecht: (*wiist op Radmer*) Dat sei hy.

Dora: Hy is it needgefal. Hy hat hjir ynbrutsen.

Brecht: (*mei tsjinsin*) Ynoarder... (*krijt har opskriuwboekje*) Mar ik soe it gjin needgefal neame wolle as in man langst nei my hie..

Dora: (*sjocht om har hinne*) Wêr?

Brecht: Wat?

Dora: Dy man..., dy't langst nei my hat! Wêr is er?

Brecht: (*wiist op Radmer*) Dêr! (*Dora sjocht wifkjend nei Radmer*)

Dora: Hy?

Brecht: Ja krekt! *(Dora rint op Radmer ta, yn de sânde himel)*

Dora: Oh skatsjebloom fan my...it ienige datst stelle woest wie myn hertsje!

Radmer: *(sjocht senuweftich nei Brecht)* Ik tink dat ik noch wol eefkes bliuw.

Dora: Oh..., hearlik!

Brecht: Mar ik stie op'e sprong jo oan te hâlden.

Radmer: Dat is net mear nedich...

Brecht: En dochs sil ik der mar ta oergean leau'k...

Dora: Nee! Ik nim myn oanklacht werom.

Brecht: Dan is't net oars en moat ik jo allinne litte mei dizze man. Mar ik haw al sa myn fermoedens... *(Albert komt út de gong wei op. It is in skrandere knaap fan njoggentjen. hy hat in swarte broek oan, swarte skuon, in fleurich shirt mei streepkes en in hoed mei it pizza Palace loge der op De kartonnedoaze hat itselde steepkes motyf as it shirt)*

Albert: Dy minsken fan hjirnêst sizze dat se gjin Italianen binne en wis gjin pizza's ite, dat dizze moat fan jo wêze! *(hy sjocht nei de polysjefrou)* Ahhh! *(hy stekt dalik syn hannen yn'e loft, hy wol him oerjaan. Brecht rint om him hinne en bestudearret syn gesicht erchtinkend)*

Brecht: Jo hawwe in hâlding fan in skuldige oannommen. Ik leau dat ik krekt op tiid kaam bin.

Albert: Sille jo my arrestearje?

Brecht: It is mar krekt hokfoar antwurd ik fan jo krij. Wat dogge jo hjir?

Albert: In pizza besoargje.

Brecht: Hoe âld binne jo?

Albert: Soene jo it slim fine as ik myn earmen sakje lit? It is net myn gewoante pizza's boppe de macht te hâlden.

Brecht: Fansels.., fansels..Wy wolle net dat sa'n lekkere pizza wat oerkomt. *(tankber lit Albert syn hannen sakje)*

Radmer: *(tsjin Dora)* Wat moat dy jonge hjir..?

Dora: Pizza's besoargje.

Radmer: Mar hjir is nimmen dy't in pizza besteld hat.

Albert: *(sjocht ris nei Radmer)* Kenne wy elkoar? *(Radmer skrillet werom foar dizze ynspeksje)*

Radmer: Dat sille wy dochs net hoopje? Ien mei sa'n hoed op kin ik my wier net yn't sin bringe.

Albert: Ik soe swarre kinne dat ik jo gesicht earder sjoen ha... *(stoarret hyltyd nei it gesicht fan Radmer)*

Brecht: Ik wachtsje op in antwurd.

Dora: *(stymysk)* Ik woe wol dat alle pizzaboeren en polysjefroulju opsokkebalje! Op dizze wize haw ik neat oan myn túter.

Albert: Aha.., dit is jo frijer..! Ik tocht al.., dat gesicht haw ik earder sjoen...

(gniist bliid nei Radmer)

Radmer: Hoe witte jo sa sekuer hoe't har frijer der útsjocht?

Albert: Ik haw jo earder sjoen...

Radmer: Is't wier?

Albert: Sa wier as Yfke.

Radmer: *(yn panyk)* Wêr?

Albert: Hjir foar de doar. As jo de auto yn-as útstappe as ik hjir lâns fyts mei bestellingen...ien en ien hie'k al gau opteld..., jo binne hjir net frjemd dat is wis.

Radmer: Dat is net wier, ik soe krekt opstappe.

Dora: Nee, do bliuwst hjir!

Radmer: Is..., is dat sa..?

Dora: *(wol fan gjin tsjinakseljen witte)* Rekkenje dêr mar op, snoekebekje!

Albert: No't ik jo gesicht sa sjoch by ljocht en deunby, bin ik der wis fan dat ik jo ken. Binne jo in hege funksjonaris?

Radmer: Ik hoech jo pizza's net mear.. *(ynienen jout Brecht Albert in slinger)*

Brecht: Ik bin yn unifoarm en ik easkje in antwurd!

Albert: Sorry, ik wit it antwurd net mear.

Brecht: Aldens..?

Albert: Oh..., njoggentjin.

Brecht: In ûnskuldige âlderdom.. De puberteit noch net ûntgroeid....
(suchtet)

Radmer: *(is lulk op Albert)* Sels op jins njoggentjinde soene je better witte moatte as dy deade pizza te besoergjen op in adres dêr't neat besteld is.

Brecht: Oan hokfoar fergryp hawwe jo je skuldich makke?

Albert: Net ien.

Brecht: Doe't jo myn unifoarm seagen gyngen de hantsjes omheech. Woene jo je oerjaan?

Albert: Dat wie in reäksje..Ik haw it mier oan froulju mei gesach.

Brecht: Dêr moatsto dy oerhinne sette..Mar goed..., ik sil it dis kear troch de fingers sjen..., teminsten, *(syhellet lûdroftich tusken de tosken)* as ik dy pizza hawwe mei.

Albert: Dy sil ûndertusken wol kâld wurden wêze.

Brecht: Nettsjinsteande dat..., fergrime soe sûnde wêze..Troch dit dúdlike needgefal haw ik sinne oan wat krige.

Albert: *(ûnrêstich)* Faaks is dit jo smaak net..

Brecht: Lis it út! Beskriuw it!

Albert: Spinaazje..., tomaat..., mozzarella...

Brecht: Mei in bakt aaike der op?

Albert: Ja.

Brecht: Goddelik! *(se ûntkrijt him de doaze en sil ôfgean, mar se wifket.., der sjit har wat yn't sin)* Oan de oare kant soe ik dy ek meinimme kinne..nei myn appartemint foar fierder ûnderfreegjen.

Radmer: Nei jo appartemint??

Brecht: It is mar in pear minúten rinnen.

Radmer: Wêrom net op myn buro...?

Brecht: Om sokke jonges te pakken, haw ik sa myn eigen wize fan ûnderfreegjen.

Radmer: Dat leau ik graach..


Albert: Leaver net! Nim dan dy pizza mar mei!

Brecht: *(tsjin de oaren)* Ik bliuw op gehoarôfstân, minimaal! As der ek mar ien kikke soe om de polysje, dan binne wy der fuortendalik. *(mei in tryst glimke sjocht se nei Albert)* Do hast in opwinend alternatyf ôfslein jonkje! Spitich! *(Brecht ferdwynt mei de pizzadoaze troch it finster. Albert sjocht dat se fuortgiet en praat tryst tsjin de oaren)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto